

De doop en it dogma as heit en mem fan de belidenis.

It is in tipysk skaaimerke fan benammen de tsjerken yn it Westen, dat wy bekend binne mei it ferskynsel 'belidenis' of 'geloofsbelidenis'. En dan noch is der it nedige ûnderskied. Tink bygelyks oan de meniste tredysje, dêr't in belidenis tsjintwurdich in persoanlik ferhaal is dat jo te skriuwen hawwe as tarieding op 'e doop, mar dêr't net ien belidenis in formele status hat foar de mienskip as gehiel - of it moat de spreuk wêze dy't hjir ek oan 'e muorre hinget: Dope wat mûnich is, sprekken dat bûnich is, yn 't kristlik leauwen frij, in died stribbet wurden foarby. En al komme jo geastlik dan wer yn in hiel oare atmosfear, yn baptiste- en evangelikale fermidden funksjonearje belidenissen ek benammen as persoanlike teksten.

Wy witte allegear dat dat yn it klassike kalvinisme oars is. Guon dy't hjir sitte hawwe de trije *Formulieren van Enigheid* noch ûnderskeun as part fan in ferplichte proseduer om in amt útoefenje te kinnen. It bysûndere fan dy Formulieren is, dat dêryn it meartal *belidenissen* in rol spilet. De klassike belidenissen Apostolikum, Niseno-Konstantinopolitanum en Athanasianum tsjinje dan as bân mei de âlde tsjerke en de oekumene, de nije Nederlânske Geloofsbelidenis is plakbepaling binnen it gehiel fan 'e wrâldwide tsjerke fan no - of alteast, fan 400 jier lyn. De kalvinistyske tredysje hat dêrmei it fierste formalisearre wat ek jildt foar de tsjerken yn 'e tredysje fan Luther en de Ingelske tsjerkeherfoarmer Hindrik VIII, nammentlik it konsept dat jo in tal belidenissen, dus mear as ien, as *jildich* ferklearje foar de hiele tsjerkemienskip.

Yn 'e Roomsk-Katolike tredysje is dat al minder sterk it gefal. Dêryn hat bygelyks it Athanasianum nea in formele status hân. Dy belidenis wie benammen part fan 'e liturgy fan it offysje. Dêr is it wilens ek út weibesunige, mar it is noch al diel, sa lit ik my fertelle troch Wikipedia, fan it ritueel eksorsisme. Mar ik moat fuort bekenne, dat ik soks noch nea persoanlik meimakke haw. Itselde jildt in lyts bytsje foar it Apostolikum, dat de measten fan ús grif it bekendste wêze sil. Yn 'e Roomsk-Katolike Tsjerke hat dy belidenis ek allinnich in liturgyske status, en wol as de belidenis dy't thúsheart yn 'e dooprutus. Ik kom dêr dalik noch oer te sprekken. De iennichste belidenis dy't yn Rome in formele en binende status hat as belidenis dy't 'jildich' is foar de mienskip, is dy fan it Konsylje fan Konstantinopel fan 381, ek al funksjonearret dy belidenis yn 'e praktyk benammen yn 'e liturgy as songen *Credo*.

Sa't 'k sei, dy belidenis hat yn 'e tredysje de grutste formele status. Dat hat der ûnder oaren mei te krijen, dat de belidenis op in oekumenysk konsylje offisjeel fêststeld en oannommen is en letter as sadanich troch Rome oannommen, en noch wer letter ien wurd derop ta krigen hat: it ferneamde *filioque*. Dat is noch altiten ien fan 'e slimste formele stroffelpunten yn it petear tusken Rome en de Otterdokse tsjerken. Net allinnich omdat yn it Easten noch altiten de oarspronklike ferzje sûnder *filioque* brûkt en de Otterdoksy it eigenmachtich oanpassen fan in op in konsylje fêststelde tekst as in slim fergryp jildt - noch los fan alle teologyske ûnderskied dat oan sa'n oanpassing fêstmakke wurdt - mar benammen omdat it Easten eins gjin oare belidenissen hat as dizze iene. It Apostolikum en it Athanasianum hawwe dêr gjin status, en nije belidenissen skriuwe wurdt net oan dien. Yn it Easten is it histoarysk wol mooglik om oer belidenissen yn it meartal te sprekken, mar formeel hat de tsjerke mar ien belidenis.

Sa'n oersjoch bringt jin al gau by de fraach: wannear binne de lju yn tsjerke eins begûn mei it fêststellen en it brûken fan belidenissen? Wat soe de alderâldste belidenis wêze kinne? Dêr binne troch de tiid hinne eins altiten trije ûnderskate antwurden op jûn, dy't ik no earst alle trije mei jim bylâns rinne wol.

1.1 Foarrinders fan belidenissen: *ad hoc* gearfettings en *regula fidei*

Alderearst kinne jo noch altyd wol it útgongspunt tsjinkomme, dat de alderâldste belidenissen werom te finen binne yn 'e Bibel. Yn it Alde Testamint wurdt dan almeast tocht oan de liturgyske

spreuk yn Deuteronomium 26: 5-10.

Myn heit wie in omdoarmjende Arameeër. Hy kaam del nei Egypte en wenne dêr as frjemdling mei in lyts kloftsje minsken. Lykwols is er dêr in grut, sterk en machtich folk wurden. De Egyptners behannelen ús min, se fernederen ús en leinen ús swiere slavetsjinst op. Doe rôpen wy ta de Heare, de God fan ús foarfaars en de Heare hearde nei ús en seach ús fernedering, ús swiere wurk en ús ferdrukking. De Heare helle ús út Egypte mei in sterke hân en in útstutsen earm, mei grutte skrik en tekens en wûnders. Hy hat ús brocht op dit plak en hat ús dit lân jûn, in lân dat oerrint fan molke en hunich. Sjoch, hjir bring ik de earste fruchten fan 'e grûn dy't Jo, o Heare, my jûn hawwe.

Yn it Nije Testamint wurdt gauris wiisd op teksten as 1 Korintiërs 8: 6 en Romeinen 4: 24-25:

Dochs is der foar ús mar ien God, te witten: de Heit dêr't alle dingen wei komme en nei wa't wy ek geane, en ien Hear: Jezus Kristus, troch wa't alle dingen binne en troch wa't wy ek besteane.

... dy't leauwe yn Him dy't Jezus, ús Hear, út 'e deaden opwekke hat. Dy is oerlevere oan 'e dea om ús misslaggen en opwekke om ús frijspraak.

Jo sjogge hjir yn alle gefallen in soarte fan gearfetting fan it leauwe, en wol op twa manieren dy't eins net wer ferdwine sille út it idee fan wat in belidenis is: a) de útspraak dat God en Jezus (letter: en de Geast) meiinoar sis mar it godlik *Gegenüber* fan 'e minske foarmje, en b) de útspraak dat Jezus syn dea en ferrizenis foar minske en kosmos fan beskiedend belang binne.

Oer elk fan dizze teksten is fansels mear skreaun as dat ien minske lêze kin. Wat dêrút nei foaren liket te kommen, dat binne twa dingen. Alderearst hat it derfan, dat Paulus en oare nijtestamintyske skriuwers (om ús dêr no mar ta te beheinen) wurken mei in soarte fan gearfetting fan it leauwe, dy't se op ûnderskate mominten ek op ûnderskate manieren formulearje koene. It kin ek noch wol wêze, dat der beskate formules bestiene dy't hearden by beskate gelegenheden. De grutste diskusje en ek de grutste ûnwissigens is der oer de fraach, oft sokke formules of gearfettings yn 'e tiid dat de nijtestamintyske teksten ûntstiene, al tradisjoneel wiene, of dat wy der om sa mar te sizzen tsjûge fan binne dat se hjir ûntstiene.

Letter is yn alle gefallen dúdlik, dat der sokssawat is as in *regula fidei*, in regel foar rjochtsnoer foar it leauwen, dêr't de ynhâld fan bekend is, mar dy't fan gefal ta gefal hieltiten oars formulearre wurde kin. Ik behein my hjir ta twa foarbylden. Alderearst sitte wy moai ticht op 'e tiid fan it Nije Testamint, mar lykje wy dochs wer in stap fierder te wêzen yn 'e rjochting fan in fêste tekst yn it brief fan Ignatius oan de gemeente yn Tralles (yn it westen fan wat no Turkije is), út 'e earste jierren fan 'e twadde ieu:

Wês dus dôf as ien jim tasprekt bûten Jezus Kristus om, út it skaai fan David, út Marije, dy't wierliken berne is, iten hat en dronken, wierliken ûnder Pontius Pilatus ferfolge wurden is, wierliken krusige is en stoarn is, ûnder it each fan himelske, ierdske en ûnderierdske machten, dy't ek wierliken opwekke is fan 'e deaden, mei't syn Heit Him opwekke hat mei it each op dizze gelikenis, dy't ek ús dy't yn Him leauwe lyksa opwekje sil, syn Heit yn Kristus Jezus, bûten wa't wy it wiere libben net hawwe. (Tralliërs 9: 1-2)

Wer in stap fierder binne wy mei ien as Tertullianus, dy't om it jier 200 hinne skriuwt:

De regel fan it leauwe (om no mar út te sprekken wat ús stânpunt is), dat wol sizze: de regel dêr't jo neffens leauwe ('volgens welke er wordt geloofd'), hâldt yn dat der oars net as ien God is en net in oaren bûten de skepper dy't alles út neat te foarskyn brocht hat troch syn

Wurd dat as earste fan alles utere wurden is, dat dat Wurd, dat syn Soan neamd wurdt, yn Gods namme op ûnderskate wize sjoen wurden is troch de aartsfaars, mank de profeten altiten heard is, op it lêst delbrocht is út 'e Geast en de krêft fan God de Heit yn 'e faam Marije, fleis wurden is yn har skerte en út har Jezus Kristus berne wurden litten hat, dat (dat Wurd) dêrnei in nije wet en in nij ûnthjit fan it himelsk keninkryk ferkundige hat, machtige wûnders dien hat, oan it krús slein is, op 'e tredde dei ferriisd is, nei syn opnimmen yn 'e himel sit nommen hat oan 'e rjochterhân fan 'e Heit, yn syn plak de krêft fan 'e Hillige Geast stjoerd hat om dy't leauwe te lieden, dat (dat Wurd) mei hearlikheid komme sil om de hilligen op te nimmen yn it geniet fan in ivich libben en de himelske ûnthjitten en om de heidens (*profanos*) mei altydduorjend fjoer te oardieljen, neidat fan beide kanten de opwekking mei weromjaan fan it fleis plakfûn hat. Dizze regel, dy't troch Kristus, sa't ik noch sjen litte sil, ynsteld wurden is hat foar ús gjin fragen útsein dy't de ketters deryn bringe en dêr't ketters troch ûntsteane. (*De praescriptione haereticorum* 13, 1-6)

Wêrom wurde sokke teksten yn 'e regel net as geloofsbelidenissen, mar heechút as foarrinders dêrfan sjoen? Dat is omdat in geloofsbelidenis nei ús idee fan it wurd ynhâldt, dat der in fêste formule bestiet. Jo kinne in hiel soad ferskillende geloofsbelidenissen hawwe, mar elke geloofsbelidenis op himsels hat dochs syn eigen formulearring, en is as sadanich te identifisearjen. Dat ûntbrekt hjir: wy sjogge wol de ynhâld fan wat in belidenis wêze kin, mar it hat noch net de status fan in belidenis. Yn it sitaat fan Tertullianus komme wy dêr it tichtste by, omdat dêr de gearfetting dy't hy jout eksplisyt oantsjut wurdt as in *regula* - mar as Tertullianus of in oare âld-kristlike auteur op in oar plak de *regula* wer in kear op it aljemint bringt, is de ynhâld - faak foar in part - wol werom te finen, mar de wurden kinne wol gâns oars wêze. De *regula fidei* is in konsept, net in formule, en dus yn ús optyk gjin geloofsbelidenis.

Tusken heakjes: dat wy al sa gau teksten fine dêr't it ferlet yn nei foaren ta komt om in gearfetting fan it leauwe te jaan, sil dermei te krijen hawwe dat it kristendom ek fan binnenút besjoen waard as in nije libbensoriïntaasje. En dat soe ek wolris de eftergrûn wêze kinne fan 'e formule mei de 'doarmjende Arameeër' - de nije sitewaasje nei de festiging yn it lân Kanaän frege ek om in nije formulearring fan it leauwe yn 'e God fan Abraham, Izaäk en Jakob. Foar myn gefoel wurdt yn 'e literatuer oer geloofsbelidenissen faak oer de holle sjoen, dat belidenissen benammen ûntsteane yn tiden fan krisis en feroaring.

1.2 Foarrinders fan belidenissen: doopfragen

As wy weromgeane nei de fraach wat sjoen wurde kin as de earste foarm fan wat wy no geloofsbelidenissen neame, dan wurdt ek gauris wiisd op in hiel oare soarte fan tekst, nammentlik de doopfragen. De doopfragen binne folslein oars as boppeneamd belideniseftige formulearrings. Wat harren by de tiid lâns lykwols altyd dochs wer kandidaat makke hat foar de titel fan 'earste geloofsbelidenis', is it feit dat se in fêste formulearring hawwe. Dat leit fansels yn 'e reden - wêrom soene jo de iene dopeling oare fragen stelle as de oare? Boppedat spilet it doopbefel fan Mattéus 28 deryn mei. It soe wêze kinne dat noch in pear tsientallen jierren yn 'e tsjerke doopt wurden is yn 'e namme fan Jezus allinnich - it is in âlde diskusje dêr't fanwegen te min dúdlike boarnen eins net út te kommen is -, mar sels as dat sa wie, dan binne rillegau alle dielen fan 'e tsjerke oergien op in trinitaryske doopformule.

Ek hjir jildt wer: it krekt witte wy der net fan. Mar de formule sa't in protte fan ús dy brûke of brûkt hawwe, en yn alle gefallen gauris heard hawwe, nammentlik: Ik doop dy yn 'e namme fan 'e Heit en fan 'e Soan en fan 'e Hillige Geast - sa'n formule is better net te witten rilletyf jong. Nei alle gedachten fûn de doop sels swijend plak, en waard de dopeling trije kear ûnderdompele. Koe dat dan samar? It bekende ferhaal fan 'e Etiopiër yn Hannelingen 8: 36 neamt gjin inkeld ynliedend of talittend ritueel: Sjoch, dêr is wetter, wat is derop tsjin dat ik doopt wurd? En der wurdt doopt. Mar ... yn guon hanskripten hat al rillegau in oanfolging plakfûn yn 'e foarm fan fers 37: Doe sei

Filippus: As jo mei jo hiele hert leauwe, dan mei it. Hy antwurde: Ik leau dat Jezus Kristus de soan fan God is. Mei oare wurden: der fynt in soarte fan ritúeel of liturgysk eksamen plak.

Dat eksamen hat, sa goed wy witte, rillegau foarm krige yn 'e foarm fan doopfragen. De âldsten dy't wy dêrfan letterlik sitearre te sjen krije, binne al trinitarysk fan foarm. Der wurdt wol tocht dat al yn 'e twadde ieu yn Rome de dopelingen dizze foarmen te beantwurdzjen krigen, al binne se pas foar it earst oerlevere yn it folle lettere *Sacramentarium Gelasianum Vetus*:

Credis in deum patrem omnipotentem?

Credis et in Iesum Christum, filium eius unicum dominum nostrum, natum et passum?

Credis et in spiritum sanctum, sanctam ecclesiam, remissionem peccatorum, carnis resurrectionem?

Alle kearen moat de dopeling dan mei *Credo* antwurdzje, wylst er al yn it doopfont stiet. Nei elke fraach, of nei de trije fragen, wurdt er ûnderdompele.

Besibbe mei de doopfragen, mar hoe krekt, dêr binne de gelearden it noch lang net oer iens, dat binne de ferklearrings fan ôfswarren fan 'e duvel en oannimmen fan Kristus. It giet dan om ritúelen, dy't dúdlik meitsje dat de dopeling ôfstân nimt fan syn âlde bestean (dat ûnder hearskippij stie fan 'e duvel), en Kristus as nije hear fan syn of har bestean oannimt. Ek dat gong faak yn trijen, en dan kinne jo it krije dat in dopeling sis mar it antwurd fan 'e doopfragen al jout foardat se steld wurde: Ik leau yn God de almachtige Heit, en sa fierder. De technyske term foar dizze ritúelen is *apotaxis* en *suntaxis*.

Hoe dan ek, wy hawwe dan, oars as yn 'e paragraaf hjirfoar, in fêste formule mei in dúdlik belidend karakter, dêr't hiel goed foar ús gefoel geloofsbelidenissen fierder út groeie koene. Want dat it eins noch gjin belidenissen binne, komt omdat it aspekt fan in gearfetting fan it leauwe hjir lang sa sterk net yn nei foaren komt. Hielendal as jo betinke, dat yn 'e tiid dat dizze koarte formules brûkt waarden by de doop ek al de langere gearfettings dy't wy niis lêzen hawwe bestiene, en fan in gegeven stuit ôf ek útdruklik prissentearre waarden as in gearfetting of regel fan it leauwe. Wy soene sels de doopformule ek net omskriuwe as in belidenis, dat wol sizze: net as tekstsjenre. De akt fan it beliden sit der fansels dúdlik yn.

1.3 Fêste gearfettings mei *Credo*

De stap is fansels net sa grut, om dan oan te nimmen dat ien op in gegeven stuit op it idee kommen is om beide foarrinders fan geloofsbelidenissen te kombinearjen: de trinitaryske doopfragen mei in langer ferhaal dat de betsjutting fan libben en stjerren fan Jezus Kristus oanjout, dêr sette jo it wurdje *Credo* foar, en 'klaar is uw belijdenis'. Jo hawwe dan trije kritearia dêr't in geloofsbelidenis oan hat te foldwaan:

- 1) de tekst heart it leauwe op in as folslein oanfielende manier gear te fetsjen
- 2) de tekst heart in fêste formulearring te hawwen
- 3) de tekst heart mei *Credo* of in wjergader dêrfan te begjinnen.

Wy sjogge yndied yn 'e fjirde ieu dat sokke teksten op ferskillende plakken opkomme. It *Credo* fan Niséa is dêr ien fan 'e bekendsten fan, opsteld yn 325. Yn 381 wurdt dy tekst sis mar noch in kear fêststeld, en dan krekt eefkes oar. Wy krije dan in belidenis dy't yn faktermen in wanskik fan in namme draacht: Niseno-Konstantinopolitanum, mar dat meast gewoan as 'it *Credo* fan Niséa' ferkocht wurdt. Minder bekend is, dat der al foarôfgeand oan it Konsylje fan Niséa, dat ommers byinoar komme moast, ûnder oare om in dogmatyske spjalt yn 'e tsjerke te ferhelpen, gelyksoartige 'belidenissen' útwiksele waarden: itsij persoanlik yn in brief of offisjele ferklearring, itsij op in konsylje of synode. Tusken Niséa en Konstantinopel waard dy diskusje allinnich noch mar ferheftiger, en binne der letterlik tsientallen soksoarte 'belidenissen' opsteld. En dan fine wy yn it Westen fan 'e tsjerke oan 'e ein fan dyselde fjirde ieu ek noch de earste farianten fan wat wy no it Apostolikum neame.

De measte ûndersikers fan sis mar 1950 ôf geane der dan ek fan út, dat wy yn 'e fjirde ieu kristlike geloofsbelidenissen hawwe. Eardere teksten wurde sjoen as foarrinders omdat se of noch gjin fêste formulearring kenne, of omdat de gearfetting winliken te koart is, of omdat se noch net begjinne mei in tiidwurdsfoarm *Credo* of *Πιστεύω*. Mar nei 300 duorret it net lang, of dat is der allegear.

2.1 de fjirde ieu better besjoen

Mar is dat wol sa? As wy alle teksten dy't foar ús gefoel oan de trije neamde kritearia foldogge better besjogge, dan binne der twa dingen dy't it plaatsje fersteure. Alderearst is der it feit, dêr't ik alris earder oer op 'e tekst west haw, dat it Apostolikum, dat in westerske en dan ek inkeld Latynske tekst is, konsekwiint oantsjut wurdt mei de term *symbolum*. Dêr komt fansels ek ús wurd 'symbolyk' wei as oantsjutting fan 'e wittenskip fan 'e geloofsbelidenissen. Fanâlds is it in Gryksk wurd, dat sil ek net ien fernuverje, mar it punt dêr't it my no om giet is dat yn dy fjirde ieu it wurd *symbolum* eins allinnich yn it Latyn brûkt wurdt om in geloofsbelidenis oan te tsjuten, en dan ek noch mar ien geloofsbelidenis, nammentlik, it Apostolikum. Dat betsjut dat *symbolum* net in namme is foar in soarte fan tekst, mar foar ien spesifike tekst, ek al kin dy yn ûnderskate farianten foarkomme. Mar de credo's fan it Easten, ek de bekende teksten fan Niséa en Konstantinopel, wurde noch yn it Latyn, noch yn it Gryksk ien kear oantsjut mei *symbolum* of *σύμβολον*. Tusken heakjes: sykje jo it credo fan Niséa op op Wikipedia, dan fine jo dêr direkt de oantsjutting *Σύμβολον τῆς Νικαίας* of *Symbolum Nicaenum*. Mar dy nammen binne slim anagronistysk, en binne net yn 'e fjirde-iesuske boarnen werom te finen.

Geane wy no nei it Easten ta, en sjogge wy better nei de ûnderskate 'belidenissen' - jim sjogge, ik brûk noch altyd skrapkes -, dan is der noch wat oars. Net allinnich de oantsjutting *σύμβολον* komme wy noch net tsjin, mar it is sels sa, der bestiet net ien fêste oantsjutting foar dizze hiele groep teksten. Faak wurde se oantsjut as *Pistis*, mar it kin ek *Ekthesis* of *Mathêma* wêze, faak mei de neiere oantsjutting *τῆς πίστεως* derefteroan. En dêr komt noch wat by: lang net al dy dogmatyske kredo's binne sa formulearre dat se begjinne mei in foarm fan *Πιστεύω*. De presbyter Arius, mei wa't men sizze kin dat de hiele ûntjouwing út ein set, begjint syn 'belidenis' mei *oidamen hena theon*, 'wy kenne ien God', en syn opperhear Alexander fan Alexandrië stelt in 'belidenis' op dy't begjint mei in omslachtige ferwizing nei de tredysje: *Peri hōn hēmeis houtōs pisteuomen, hōs tēi apostolikēi ekklēsiāi dokei: eis monon agennēton patera ...* ('Wat dy dingen oanbelangjend leauwe wy krekt sa, as dat it betinken is fan 'e tsjerke fan 'e apostles: yn 'e Heit dy't allinnich nearne út wei komt ...'). In protte oare teksten begjinne wol rjochtút mei *Pisteuō eis* ('ik leau yn'), de measten sels, mar dan noch fine wy yn 341 ynienen wer twa ôfwikende konstruksjes: *Houtōs pisteuō: hena theon patera pantokratora ...* ('sa leau ik: ien God de almachtige Heit ...'; Téofroanius fan Tyana) en *Memathēkamen gar ex archēs eis hena theon ... pisteuein* ('Fan it begjin ôf hawwe wy de lju leard om yn ien God ... te leauwen'; earste credo fan Antiochië 341).

Mei oare wurden: it dogmatyske credo siket noch om in foarm en in fêste oantsjutting, mar dy oantsjutting wurdt net socht yn 'e namme dy't gongber is foar it Apostolikum. Dat hâldt dus yn, dat de lju fan dy tiid teminsten it Apostolikum en it Nisenum net seagen as twa teksten fan ien en itselde sjenre. Jo hiene in *symbolum* (de tekst dy't wy kenne as it Apostolikum), en jo hiene dogmatyske formulearrings, dy't noch sochten om in fêste foarm en in eigen wurd.

Wy kinne it meskien ek sa sizze: foar ús begryp 'geloofsbelidenis' is der noch in fjirde skaaimerke nedich, nammentlik in besef fan sjenre, dat de grinzen en de frijheid fan in spesifyk soarte tekst oanjout. Wy kenne in tekst dy't begjint mei *Credo*, dy't trinitarysk opboud is en yn it koart de wichtichtste dingen oanjout dy't wy fan God en fan de tsjerke leauwe, werom as in geloofsbelidenis. Mar dat waard yn dy tiid dus noch net sa sjoen. En as wy bygelyks tsjin in westersk biskop sizze woene, neidat wy him it Apostolikum brûken heard hiene: Hawwe jim noch mear geloofsbelidenissen, dan soene wy dy sin net yn Gryksk of Latyn fan dy tiid útdrukke kinne. En soene wy, as wy yn in diskusje bedarre wiene oer ferskillende dogmatyske kredo-teksten, de

fraach stelle fan Hawwe jim noch mear soksoarte teksten, dan soe net ien op it idee komme om it Apostolikum te neamen.

Wat bart der wol krekt yn dy fjirde ieu, as wy noch net sizze kinne dat ús begryp geloofsbelidenis dêr ûntstiet?

2.2 it Apostolikum

Alderearst sjogge wy dan it Apostolikum him fersprieden oer de tsjerken dy't Latyn brûke, dus yn it westen fan it Romeinske Ryk. It is mooglik dat it al foar de fjirde ieu yn gebrûk is, mar hoe breed of hoe algemien, dêr swije de boarnen oer. Mar yn 'e fjirde ieu komt wol in konsistint plaatsje op oer de hiele breedte fan 'e Latynske tsjerken. Dy tsjerken brûke it Apostolikum as tarieding op 'e doop. De doopkandidaten krigen, nei in skoft fan kategeze, op in gegeven stuit offisjeel it Apostolikum te hearren: de *traditio symboli*. Dat wie in liturgysk momint, dêr't by preke waard, en fierders waard de kandidaten yndruid dat se de tekst út 'e holle leare moasten. Meastal in wike letter kamen se dan wer byinoar en moasten se de tekst fan it Apostolikum opsizze kinne: de *redditio symboli*. Slagge dat ek (en yn 'e praktyk slagge iderien), dan koe de doop plakfine.

Dy twa ritúelen, jim begripe it al, lykje ûntwikkele te wêzen út it 'liturgysk eksamen' dat wy earder beskreaun hawwe: foarôfgeand oan de doop moat de dopeling sjen litte dat it him of har tinken is. It eardere ritúeel is ien fan ôfswarren fan 'e âlde machten en it plechtich oannimmen fan in nije hear, de *traditio* en *redditio* lykje mei ynspirearre te wêzen op it brûken fan in soarte fan kultysk 'wachtwurd', sa't wy der ek spoaren fan sjogge yn oare godstsjinsten yn it Romeinske Ryk. It wurd *symbolum* as oantsjutting fan it Apostolikum giet nei alle gedachten dan ek werom op 'e profane betsjutting 'wachtwurd'.

Hoe't it allegear krekt ferrûn is, witte wy net, mar it liket yn 'e reden te lizzen, dat dy *traditio* en *redditio symboli* har ûntjûn hawwe út 'e *apotaxis* en *suntaxis*. It Apostolikum hat dus syn woartels yn 'e ritúelen dy't in dopeling tariede op 'e doop, mooglik sels op 'e doopfragen sels, en as sadanich fertsjintwurdiget it Apostolikum in eksklusyf westerske ûntjouwing.

2.3 Egeria en Cyrillus fan Jeruzalem

No is der yn dit moaie plaatsje yn pleager, en dat is de froulike pylger Egeria, dy't nei alle gedachten yn 'e jierren '80 fan 'e fjirde ieu út Noard-Spanje of Súdwest-Frankryk wei op beafeart giet nei it hillich lân en in tal oare plakken yn it Easten. As hja yn Jeruzalem is, dan beskriuwt se sikuer hokker tsjinsten oft der allegear holden wurde op hokker plakken en yn hokker tsjerken. En jim begripe it al: yn 'e tiid foar Peaske neamt se ek in *traditio* en *redditio symboli*:

En as der fiif wiken om binne dat se ûnderrjocht krije, dan ûntfange se it *symbolum*, en dat *symbolum* leit de biskop harren de betsjutting sin foar sin fan út, krekt as mei de Skrift ... As der lykwols sân wiken om binne en allinnich de wike fan Peaske, dy't se dêr de Grutte Wike neame, moat noch komme, dan komt de biskop moarns betiid yn 'e grutte tsjerke by it *Martyrium*. Efteryn, efter it alter wurdt de *cathedra* foar de biskop delset, en dêr komme se ien foar ien, de manlju mei harren doopheit en de froulju mei harren doopmem, en jouwe it *symbolum* oan 'e biskop werom. (*Itinerarium Egeriae*, 46, 3 en 5)

De measte bestudearders fan it Apostolikum slane dizze tekst oer, want yn Jeruzalem wie it Apostolikum net bekend. Mar wat beskriuwt Egeria hjir dan?

It moaie is, dat wy Egeria har ferhaal kontrolearje kinne, en dat is dan ek gauris dien. Tsjintwurdich geane de ûndersikers derfan út, dat Egeria yn 'e jierren '80 fan 'e fjirde ieu yn Jeruzalem west hat. Doe wie in Cyrillus dêr biskop. En tafallich of net, just fan dy Cyrillus hawwe wy de preken noch dy't hy holden hat foar syn doopkandidaten. En yndied, der fynt in *traditio* plak: Cyrillus seit in geloofsbelidenis op. Dy belidenis sjocht der sa út:

Wy leauwe yn ien God, de almachtige Heit, skepper fan himel en ierde, fan alles wat sichtber en ûnsichtber is.

En yn ien Hear, Jezus Kristus, de iennichstberne soan fan God, dy't as wierhaftich God út 'e Heit fuortbrocht is foar alle ieuwen, troch wa't alles ûntstien is, dy't fleis wurden en minske wurden is en ferriisd út 'e deaden op 'e tredde dei, en opfearn nei de himel, en sit nommen hat oan 'e rjochterhân fan 'e Heit, en dy't komme sil yn hearlikheid om libbenen en deaden te oardieljen, waans keningskip gjin ein hawwe sil.

En yn de Hillige Geast, de parakleet, dy't sprutsen hat troch de profeten, en yn ien doop fan bekearing ta ferjouwing fan sûnden, en yn ien hillige algemiene tsjerke, en yn de ferrizenis fan it fleis, en yn in ivich libben.

Jim sjogge: dit is net it Apostolikum. Wy neame it al in geloofsbelidenis, mar yn it Grykske taalgebrûk fan dy tiid is dit in *pistis*, en sa neamt Cyrillus it ek. Noch folle wichtiger is, dat yn 'e preken fan Cyrillus gjin formele *redditio* werom te finen is. Lykwols, it alderwichtichste ferskil is dat dizze tekst yn 'e tarieding fan 'e doopkandidaten yn Jeruzalem in hiele oare rol spilet as yn it Westen it Apostolikum. Yn it Westen wurdt it *symbolum* prissentearre (*traditio symboli*), der wurdt ien preek oer holden, en de kandidaten moatte it út 'e holle leare en in wike letter wer opsizze (*redditio symboli*). Mar yn Jeruzalem leit Cyrillus alle ûnderdielen fan dizze *pistis* út yn in rige fan net minder as trettjin preken, dy't er dei oan dei hâldt yn 'e 40-dagetiid. Mei oare wurden: it giet hjir net om in liturgysk eksamen of in ritueel wachtwurd, mar echt om kategezestof. Wy sitte yn in oare *Sitz im Leben*.

It moaie is, dat dat oerienkomt mei in pear oanwizings dy't wy fine yn oare Gryksktalige boarnen, ûnder oare by Jehannes Chrysostomus. Ik sil dy teksten hjir net mear behannelje, mar dy jouwe itselde byld: der wurdt in gearfetting fan it leauwe behannele yn 'e kategezetiid, dy gearfetting hjit gewoan fan *pistis*, it wurd *symbolon* is ûnbekend, en der is binne gjin *traditio* en *redditio*.

Wy witte net wat Egeria krekt sjoen hat, mar myn hypoteze soe no wêze, dat se hoe dan ek alle tsjinsten en ritúelen meskien wol net bywenne hat. Se skriuwt dizze dingen net by wize fan ferslach, mar as opsomming: dizze tsjinsten wurde der allegear yn Jeruzalem holden, en sa riede se de dopelingen ta op 'e doop. Der waarden sowieso mear tsjinsten holden as dat ien minske allegear bywenje koe, hielendal yn 'e tiid foar en fan Peaske. Boppedat witte wy net krekt hokker tiden fan it jier oft Egeria yn Jeruzalem siet: út Jeruzalem wei hat se in tal grutte en lytse *trips* makke nei oare hillige plakken. Dy útstapkes beskriuwt se, en oan 'e ein fan har dokumint jout se dan in oersjoch fan wat der liturgysk allegear yn Jeruzalem te belibjen is. Se seit net dat se oeral by west hat, en se kin oeral ek net by west hawwe. Faaks hat se ien of mear fan Cyrillus syn preken foar de doopkandidaten bywenne, en út har eigen rifferinsjeramt wei in *traditio* en *redditio* beskreaun. Hoe dan ek hie Cyrillus in tal liturgyske fernijings trochfierd op basis fan wat der yn Rome wizânsje wie.

3 konklúzjes

As wy op dizze manier it ûnderskie tusken *pistis* en *symbolum* as belideniseftige teksten yn it Easten en it Westen wer wat oanskerpje kinne soene, dan wurde foar myn gefoel al least fuort ek in pear oare dingen folle dúdliker.

Alderearst: as de tsjerken yn it Easten wend wiene de dopelingen in gearfetting fan it leauwe te prissentearjen en dy net as liturgysk wachtwurd mar as ynhâldlike stof te behanneljen, dan kinne wy dat mei twa dingen yn ferbân bringe. Werom yn 'e tiid komme wy dan ynienen wer hiel ticht by de *regula fidei* út: de regel of gearfetting fan it leauwe om dúdlik te meitsjen wêr't jo ynhâldlik steane. De ûntjouwing dy't dan plakfûn hawwe moat, is dat in konsept bestjurre is ta in fêste formulearring, om te brûken yn 'e kontekst fan 'e kategeze. Dat is net ûnlogysk. In twadde ferbân

is, dat dan de kredo's fan Niséa en omkriten ynienen in eftergrûn krije: as alle biskoppen wend wiene om oan harren doopkandidaten in gearfetting fan it leauwe sa't dy pleatslik yn gebrûk wie út te lizzen, alle jierren wer, dan begripe jo ek dat dyselde biskoppen as se troch de keizer ferge wurde om mei in formulearring te kommen dy't in ein makket oan alle dogmatyske ûndúdlikheid en strideraasje, mei sa'n selde soarte fan gearfetting komme.

As it yndied sa gien is, dan wurdt ek dúdlik wêrom oft yn it Westen it hiele kredo fan Niséa jierren lang gjin inkeld spoar neilitten hat. De minsken skriuwe der net oer, se sitearje it net, it liket folslein oan se foarby te gean. Myn teze is, dat it se ek letterlik foarbygien is: it kredo fan Niséa wie in soarte tekst dat se yn it Westen net koene. En wylst it Easten noch tsientallen jierren it iene kredo nei it oare produsearret om mar út 'e dogmatyske sompe wei te kommen, docht it Westen dêr net oan mei.

Pas in ein yn 'e fyfde ieu op, om 430 hinne, is der ien dy't sjocht dat it Latynske *symbolum* en de offisjele teksten fan Niséa en Konstantinopel deselde struktuer hawwe, beide mei in foarm fan *Credo* of fan *Pisteuô* begjinne, en beide deselde ynhâld bestrike. Wat foar ús sa gewoan is, moat doe as in soarte fan flits troch ien hinne sketten wêze - 'Mar dit binne eins deselde soarte teksten!' Fan dat stuit ôf wurdt *symbolum* of *symbolon* as oantsjutting fan *in* geloofsbelidenis brûkt, mei in ekstra bepaling om dúdlik te meitsjen oft jo no it *symbolum* dat nei de apostels neamd is bedoele, of it *symbolum* fan Niséa of fan Konstantinopel.

Wêr komme dus geloofsbelidenissen wei? Neffens my is it sa, dat wy te krijen hawwe mei dna fan twa kanten, krekt as by in minske. Fan memmekant, soe men sizze kinne, hawwe de geloofsbelidenissen de trinitaryske struktuer fan 'e doopfragen. Fan heitekant komt de eigenskip dat in belidenis in as folslein oanfielde gearfetting fan it leauwe jout, of alteast fan 'e punten dêr't it op dat stuit op oankomt. Mem har genen binne trochjûn yn 'e liturgy fia *apotaxis* en *suntaxis*, *traditio* en *redditio*. Heit syn genen hawwe benammen funksjonearre yn it téologysk discours, de publike diskusje, fandêr de kategeze, en op it lêst de dogmatysk noarmative útspraken fan 'sa sit it en net oars'. Beide ûntjouwings hawwe in eigen soarte fan tekst opsmitten, dy't op in gegeven stuit sjoen wurde koene as twa farianten fan ien en itselde sjenre. Fan dat stuit ôf kinne jo sizze, dat de tsjerke 'geloofsbelidenissen hat' - en giet de ûntjouwing wer fierder.

Liuwe H. Westra
Lollum

Fries Godgeleerd Gezelschap - grutte wurksumheid 3 septimber 2016